

Histoarje

Aningum of Anjum

Op gesach fan in âldere skiuwer, Liudolphus fan Aningum, forhellet Sibrandus Leo, dat dit kleaster yn 1256 stifte is troch pastoar Wibrandus fan Aningum yn oparbeidzjen mei in hear Sybodus fan Epingahuys en inkele oare lju fan oansjen út 'e omkriten: de bruorren Tzjumme en Sibrandus en in frommiske út har sibskip, Eebel Sellinga.

De Sellinga's hearden yn Minnertsgea thús. De stifters sochten, lyk as ornaris barde, oansluting by in bistead kleaster, yn dit gefal by de abdij Lúntsjerk, sels wer in dochter fan 's Hertogenrade of Rolduc by Aken. Dizze abdijen hearden ta de greate groep fan reguliere koarhearen fan de oarde fan Sint Augustinus. (*it Anjumer Kleaster makke diel út fan 'e oarde fan Reguliere Kanunniken, se waarden ek wol Augustijnen neamd.*) Nêst bidden en arbeidzjen op it lân koene e koarhearen oan sielsoarch dwaen, mar dy bleau hjir biheind ta de lytse parochy Aningum sels. It kleaster sil lyts west ha, syn proast (oerste) stie ûnder it gesach fan Lúntsjerk. It doarpstsjerkje is krekt as yn Lúntsjerk en Burgum - hwer't "Berchkleaster" ta deselde oarde bihearde - kleastertsjerke wurden. It droech de namme "Mons sanctae Mariae", "Marije' berch", it lei ommers op in goed fiif meter hege terp.

Fan de kleasterskiednis kenne wy hast inkeld uterlikheden, dy't foar it grêste part to meitsjen hiene mei de politike strideraesjes fan dy tiid. Ut en troch rekke ek Aningum yn 'e bisnijing; sa yn 1398, doe't de Fetkeapers hartoch Albrecht van Beijeren as lânshear oannommen. It kleaster doarst it oan, sa't it liket, om in oar stânpunt yn to nimmen as de greate abdijen Lidlum en Lúntsjerk - beide Fet - en dat koste Anjum yn 1399 twa fan syn kleasterlingen, dy't weifierd waerden nei Loevestein, en boppedat it lânsbisit op Ritsum, dat de hartoch oan ien fan syn trouwe helpers, Reyner Ottenzoen fan Ljouwert, joech. Dy hat der lykwols net folle wille fan hawn, hwant om dyselde snurje makke in opstân al wer in ein oan Albrechts macht hjirre.

Lúntsjerk mei dan faeks hwat delsjoen ha op de lytsere dochter, it wie dan dochs mar sa, dat in fjirdel ieu letter (1423) it herstel fan it forwyldere memmekleaster troch de biskop opdroegen waard oan proast Hoytatus fan Aningum. Trije jier letter brocht de polityk in great tal muontsen út it strange modelkleaster Windesheim by Swol nei Lúntsjerk; de oansluting by Windesheim kaem doe suver fansels en Aningum folge yn 1439. Dat it in biskaet oansjen hie, soe men faeks ôfliede kinne út it testamint fan Gerland Hermana (1456), dy't in grêfsteed yn Aningum keas en fierder it kleasterlike û.o. in bidrach fan 20 Rynsguonen tamakke foar de bou fan in nije yngong foar de leken. Hoe't fierder mei de bou fan dy leke-yngong ôfroun is, witte wy net.

Yn de partijskippen fan Skier en Fet hearre wy hast neat fan Aningum en mei de komst fan Albrecht van Saksen yn 1498 like it lêst oer te wêzen. Mar twa jier letter wie it wer orémus, it rekke opnij tusken hammer en ambyld. Yn 1500 bilegeren de Friezen - wer ûnder de wapens - de jonge hartoch Heinrich yn Frentsjer, mar moasten mei great forlies wike foar in leger fan Albrecht. Dy teach de oare deis mei soldaten opwei nei Ljouwert oer Aningum; dy rôven dêr alle kostberheden en fierder safolle as se meitôgje koene. Dat koste ien priester it libben, doe't hy in soldaet frege in monstrans mei it hillich sakramint werom to jaen; hy waard dea slein. It wie net de iennichte skandedied fan it Poepehear.

Doe't de oare soan fan Albrecht, Georg, de bidiking fan it Bildt oanfette, kaem it kleaster op in oare wize yn 'e skjirre: yn 1506 moasten abt Petrus fan Lidlum, pater Salignus (Tsjalling) fan Aningum en oare eigeners "aus gnaden und nicht von rechte" - sa stie der nota bene by - harren lânsbisit op it Bildt oan de hartoch oerlitte tsjin in bidrach fan acht goudgoune it pounsmiet. As lytse forgoeding stie Georg oan de kleasterlingen de Anjumer sylroede mei fiskerij en oare rjochten ôf, mar dêrfoar moast it kleaster de feart slatte en ûnderhâlde.

Nij geweld brocht de ûndergong fan it Saksysk biwâld; lange jierren ha Karel van Gelre en Karel V fochten om de macht yn Fryslân. Om it lân to bifeiligjen lei de steedhâlder fan Karel V yn 1517 bisetting yn Anjum. De oarloch wie noch mar krekt foarby, of de prior krige soargen troch it optreden fan Luther. Peter fan Thabor forhellet, dat der "veel

sommighe priesters op gheleerde lueden, beyde gheestelich en de wereldlick" binne, dy't "seer myt hem voelen, want hij bewijst zijn dinghen alsoe claerlick mit dat Heilighe Evangely ende mit Paulus Epistolen ende voert my dye principael Scryften". It kaem foar, dat guon har kleasters forlieten. Yn Fryslân wist Peter mar twa: Johannes fan Dokkum en Heere, beide prysters út Aningum; se setten nei Luther yn Wittenberg ta.

Dat wie noch mar it bigjin; letter wreide de herfoarmingsbiweging him linkendewei út, al hearre wy dan net mear fan kettters yn it kleaster sels. Binammen it tal Dopers moat great west ha, It regear bisocht de biweging ûnder kwint to krijen û.o. mei ekonomyske middels. Sa kaem yn 1560 de presidint fan it Hof, Carel van der Nitzen, yn heechsteigen persoan om Aningum en oare kleasters oan to sizzen, gjin lân mear oan kettters of fortochte persoanen to forhieren en rinnende hieren op to sizzen.

Doe't de Spaenske macht mei Robles yninoar sakke - hy hie yn 1572 noch soldaten yn Lidlum, Anjum en Berltsum lein om it Bildt to biskermjen - , rekke it nije ideael fan in fordraechsum nêstinoarbistean fan it kleasterlibben mear oer, doe't de Steatehopman Jan van Vervou ein septimber 1579 syn troepen yn Anjum munstere. Yn it bigjin fan 1580 naem de oerheit alle kleasters oer. De ynwenners koene in pensioen krije: sa i oan de likebroer Inte Gerrits 60 goune jiers tawiisd, oan prior Isbrandus Slotius 150. It lot fan de oare - hoefolle? - kleasterlingen is net bikind. De gebouwen binne noch datselde jiers opromme.

Hwat bleau wie de hege terp Mar dy kaem sa'n hûndert jier lyn ek op 'e lodde. Skipper Ellert Eekma fan Parregea, dy't der yn 1912-1913 en 1918 modder fearn hat, forhelle letter, hoe't it op plakken fol mei deaden lei, allegear op kristlike wize east-west bigroeven. It foel jin op, hoe'n sterk gebyt dy minsken hawn hiene. Soms foun men spikers fan deafetten, mar ek wol stiensettingen fan âlde Friezen. De jonges toarken wol mei bonken of setten in deadholle op 'e râne fan de terp by in paed, sadat der by jountiid gjin frommiske lâns doarst. Op in yn-'e-wynkske reis fan Boalsert nei Warkum kaem de feint fan Eekma by de skipper: "Ik wit wol, hwerom wy it yn 'e wyn ha; ik haw in deadslop meinommen, mar ik sil him op 'e dyk sette", en sa barde it. Yn 1955, by de oanliz fan in nij stik dyk, is it oerskot fan de terp sljochte en de grêft tichtsmiten.